

# Ophysje en delbêdzje

FD 24-02-2007

troch Yvonne Dijkstra

Ferhalebok foar froulju', sa makket de ûndertitel fan *Ophysje en delbêdzje* daalk op de foarkant al dúdlik. En mannen dy't dochts fierder lêze, komme der al gau achter dat dat sa is: yn dizze bondel tilt it op fan de typyske frouljusûnderwerpen. Kastopromjen, weblogjende froulju, de foardielen fan liposuctie en de neidielen fan manlju: Wieke de Haan wit oan alles in like smeuiïge draai te jaan.

No docht dat fansels gjin nij, want yn de foargonger fan dizze bondel - it suksesfolle *Optriuwe en ôfbliuwe* - liet hja al sjen dat hja it zjenre fan de saneamde 'chicklit' yn de fingers hat. Chicklit is ôf-

laat fan it wurd 'chickflick', dat wer ôfkomstig is út de filmwrâld en dêr brûkt wurdt foar 'typyske frouljusfilms' lykas *Bridget Jones' Diary*. In typyske 'chicklit' draaide yn 't earstoan om in single frou, ein tweintich begjin tritich, hippe baan, wenjend yn de grutte stêd. Letter waard de definysje útwreide en kamen der allegear oanferwanten lykas *mommy-lit* (oer de chick mei bern), *cullit* ('chicklit' mei kulinêr sauske) en *dicklit* (mannelijke ferzy, bygelyks de bestseller *Komt een vrouw bij de dokter* fan Kluun). Chicklit is luchtich fan toan, humoristysk en flot skreaun en dy eigenskippen binne ek allegear op Ophysje en Delbêdzje fan tapassing. Dochts past de bondel net hielendal

naadleas yn de definysje sa't ik dy hjirboppe jûn ha, mar dat is net slim want Ophysje en delbêdzje is in noflike útwreiding fan it sjenre. Fryske chicklit, sis mar, of chicklit foar froulju fan alle leeftiden.

Yn de bondel binne, neist in soad flutte fertelsels, ek in pear wiere juwieltsjes te finen. Myn persoanlike favoryt is dochts wol it ferhaal 'Liposuctia', mei syn magisch-realistyske eleminten en in Roahl Dahl-eftich ein dat ik hjir net ferklappe sil. It ferhaal giet oer fjirtiger Lisa, dy't beslút maatregels te nimmen as hja op in dei foar de spiegel stiet en 'de lapkes oerhingjend fel tusken tûme en wiisfinger' hâlde kin. De koartste klap is om wat fet fuort

slobberje te litten, want hjir kin 'gjin step-yntsje mear soelaas biede'. Nei in intake-petear giet it fuortsûgen oan. Lizzend op de operaasjetafel krijt Lisa yniens in gouden idee: it lichemseigen fet tapasse yn de keuken. Oftewol: bakke en briede mei minskefet. Se soe it Liposuctia neame kinne... Sels sjocht de haadpersoan al gouden bergen ferrizen, mar de lêzer fielt op syn klompen oan dat dit op 'e kop ferkeard komme sil.

Ik ha ek bot lake om it ferhaal oer weblochjende Gelske, dy't alle tekenen fan in ferslaving fertoant. Alle dagen skriuwt se yn har deiboek op ynternet en as de kompjûter fanwege in crash twa wiken fuort west hat, betinkt hja

in dryst plan om har lêzers op 'e nij oan har 'blog' te binen. Mei de webcam fan har soan en wat digitaal 'fröbeljen' tinkt Gelske in moai lokkerke yn inoar te draaien. En in lokkerke wurdt it, mar dan wol wat oars as bedoeld. Wieke de Haan beskriuwt it hâlden en dragen fan de weblochster sa detailearre dat it net oars kin of hja wit der sels mear fan. Nei wat surfen op ynternet blykt dat yndie it gefal te wêzen: wa't nei <http://wiekedehaan.web-log.nl> surft, fynt dêr noch folle mear ophysjen, delbêdzjen, optriuwen, ôfbliuwen. As ekstraatsje komme jo dan ek noch te witten wat der jûns sa al by Wieke op it menu stiet. En oft dat klearmakke is yn liposuctia.